

*Herrlich Jannsen (2014)*

Häl än junk. Sü schriif än toocht en foomen  
(Herausgegeben von Ingo Laabs)

Kiel: Abteilung für Frisistik /  
Nordfriesische Wörterbuchstelle Christian-Albrechts-Universität

Rients Faber

In Frysk boek mei in titel dêr't de measte Frysktaligen yn Nederlân it paad bjuster troch reitsje yn har wurdherkenning. Foar ús Westerlauwerske Friezen is ús Frysk de Fryske taal. De Nederlânske provinsje Fryslân foarmet it grutste gebiet oan 'e Noardsee foar in taal dy't oarspronklik lâns in grut part fan 'e Nederlânske en Dútske Noardseekust praat waard. Dat der dan ek noch yn lytse oare gebieten Frysk yn in eigen ûntjouwing oerlevere is en dan boppedat mei al dy beheindens ek noch in skriftlike literatuer hawwe kinne, dat is foar de measte Friezen nij.

De útjefte fan it autobiografyske boek *Häl än junk. Sü schriif än toocht en foomen* ['Ljocht en tsjuster. Sa skreaun en tocht in famke'] hat my oertsjûge dat it Frysk ek yn in hiele oare modus bestean kin. Dat sels op in fassinêrjende wize yn in lyts Noard-Frysk dialekt skreaun wurde kin, literatuer makke wurde kin!

De skriuwster Herrlich Jannsen (1906-1963) waard berne yn it Noard-Fryske distrikt Wiedingharde, foar it eilân Sylt oer en deun ûnder de Deenske grins. Har memmetaal wie Deensk en dêrnêst learde se Wiedingharder Frysk en op skoalle it Dútsk. Yn syn treflike 'Einführung' ferhellet besoarger Ingo Laabs wiidweidich oer har en har fertsjinsten foar de Noard-Fryske literatuer.

Ha wy yn ús hjoeddeiske maatskippij it gefoel yn in oerspande stjoerleaze wrâld te libjen, yn in heksetsjettel treaun te wurden, de lju om Herrlich Jannsen hinne leauden noch oan heksen, mar libben yn in oersichtlike mikrokosmos. It leed en de wille dêr't se oer ferhellet, fielt ynienen hiel fertroud oan. De grutte wrâld tommele noch net oer it einfâldige libben hinne. It boek jout in grutte samling fertellings, guon binne ympresjonistyske bylden, oare hawwe djippere oertinkings. Op 'e lofter siden stiet de Fryske tekst en op 'e rjochter siden in kreaze Dútske oersetting.

Hjirûnder in priuwke yn ús Frysk fan it titelferhaal *Ljocht en tsjuster. Sa skreau en tocht in famke.*

‘De earste kear? Nee, it is net de earste kear dat ik opskriuw wat ik belibbe, en itjinge dat myn hert guon tiden beswierre hat en somtiden ek hastiger klopjen die. Ik wie pas krekt op skoalle kommen, koe hielendal noch net goed skriuwe, doe’t ik der al mei begûn.

Mar as ik no hjoed de dei my op in stoel deljou en trochlês, wat ik doetiids oan skriuwsels op papier sette, dan bin ik dêr dochs net hielendal tefreden mei. Ik wol dêrmei net sizze dat alles net wier wêze soe, wat ik opskreaun ha. Oh nee, ik wol ek neat derúthelje en neat tafoegje, mar noch ienris wol ik begjinne. Begjinne mei de dei dat ik op skoalle kaam. Wat foar dy tiid wie, dat swabberet my in bytsje ûnwis troch de holle, kin ik net mear goed te pakken krije. Der binne minne, dronken lju, der binne grutte skippen en – in brêge, dy’t fier út it wetter omheech komt, en ik stean derop. Dan is dêr in oar byld. Beppe stiet yn ‘e hoeke by it hûs, nimt my yn har earms en is der bliid mei, dat wy dêr no binne, foar altiten. Hjir is rêst en frede. Hjir binne de minsken rêstich en passe goed op. De “polityk” makket har de holle net oerstjoer. “Polityk”, seit beppe, - en dochs wit ik net wat dat is.

“Ja, - lytse faam, dat is sa: De iene is Deensk en de oare Dútsk, en dan krije se dêrom strideraasje!”

Sa ferklearre beppe my de polityk. As dat sa is, dan bin ik bliid dat wy hjir no by beppe binne, hjir fernim ik neat fan polityk.’

↑